

Bistebinde

Thús oan 'e slach mei it tema: bisten.



Sjen en sjonge

In pinguin yn Penjum, in iisbear yn Hieslum, in krokodil yn Kollum, wat dogge dy hjir?

Besjoch it filmke



Filmke: **Bistebinde**



Lêstip - A is fan aapke

A is in letter, al krekt sa'n wûnder as de Z, it sjongt en it gûnzet, sist en snettert fan bisten yn it alfabet.



A is een letter, ver weg van de Z, dichtbij zijn de dieren van het alfabet.



Prate

Praat mei de bern oer it filmke en it boek:

- > Watfoar bisten hast allegear sjoen en heard yn it filmke?
- > Se sjonge: 'Alle bisten binne yn 'e war.' Wêrom binne se yn 'e war?
- > Wêr soene se weikomme? En hoe soene se hjir kaam wêze?
- > Watfoar bisten hast allegear sjoen yn it boek 'A is fan aapke'? Watfoar bist fûnst it grappichst? It skattichst? It engst?



Dwaan

Wêr wenje de bisten? Lûk in lyntsje fan it bist nei it juste wenplak.


Pinguin




Tiger




Krokodil




Iisbear



Dino




Kobra



Moeras



Prehistoarje




Afrika



Antarktika



Oerwâld



Noardpoal

